

Maart 2020

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 65 nr. 2

Wat sit der yn de koer?

PROGRAMMA WINTERSKOFT 2019-2020

Datum	Lokaasje	Programma
Sneon 21 mrt. 2020	Seist-N	Muzyk en teater troch 'Hy en Sy'; Noorderlichttsjerke, Seist → sjoch side 5

Boun om Utens

De Algemiene Gearkomste fan it Boun is op sneon 28 maart 2020. Sjoch foar alle ynformaasje side 6 of it webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl.

Ferfier nei de kritemiddei of kritejûn

Nei alle kritegearkomsten ride auto's dy't jo ophelje kinne: **Fryske taksy's!**

Om mei te riden graach opjaan by Trieneke Vos (030 - 691 6081). As de tillefoan net opnommen wurdt, dizze boadskip ynsprekke : *"Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn tillefoannûmer is"*

Wy soargje foar safolle auto's as nedich binne. Jo wurde ophelle by de foardoar en rjoe te hearren hoe let jo klear stean moatte.

It doel: elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!

FOARRIEDICH PROGRAMMA WINTERSKOFT 2020-2021

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 26 sept. 2020	Utert-B	Algemiene ledegearkomste 2019-2020 mei iten en programma (middei/jûn)
Sneon 7 nov. 2020	Seist-N	Toanielstik 'Doazen' (begjin 20:00 oere)
Sneon 19 des. 2020	Utert-B	Krystmiddei
Sneon 16 jan. 2021	Utert-B	Nijjiersbesite (middei/jûn)
Sneon 13 febr. 2021	Seist-N	Programma noch net bekend (middei)
Sneon 20 mrt. 2021	Seist-N	Toaniel (jûn)

*Utert-B = Bijkershoek, Utrecht, Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist



Ledenijs

Annie Russchen-Nolles is op 3 febrewaris 2020 ferstoarn. In *ta oantinken* stiet op side 7 yn dizze Kritekoer.

Fan de foarsitter

Krekt efkes de stikken trochsjoen, oer it ferskinen fan de folgjende Kritekoer. Ta myn skrik is dat nije wike al. En dan bin ik in wike op fakânsje mei de bern en bernsbarn. It is skoalfakânsje en dan moatte jo dat mar oangripe, om der in wike op út te gean. It wurdt gjin bûtenlân, want yn dy wike is der ek noch in nicht fan my 40 jier trouw. En se hâldt der in feest fan. Myn heit sei altyd: “Feest met alle feesten mee”. Dus dat doch ik dan ek mar. Ik gean allinne, want allinne de neven en nichten binne útnûge. Och, de bern fermeitsje harren wol. Hoewol de jongste it net aardich fûn!

Wy hiene in noflikke middei oer Sint Piter. Wat nuver, dat je dêr mar sa’n bytsje fan witte. Wy binne no allegearre goed ynformearre troch Gerrita! Wat wie it in moaie middei. Fierderop stiet in ferslachje dêroer. Nochris tige tank, Gerrita, foar al dyn krewearjen foar dy middei.

Ek stiet der in stikje oer it ôfskied fan frou Russchen, skreaun troch Boukje Andringa. Wy wiene by de kremaasjeplechtichheid oanwêzich.

Op 21 maart komt de kabaretgroep ‘Hy en Sy’ yn Seist. Jo kinne hjir fierderop alles oer lêze. Ik hoopje dan in soad minsken te moetsjen!

Foar no hâld ik it fierder koart. Alle gryppasjinten en oare sike minsken winskje ik betterskip en sterkte ta.

Mei in hertlike groet fan Pietie Westdijk-Kaastra



Sint Piter, fol ferwachting

Op de earste gearkomste fan de nije krite die Gerrita it útstel om yn febrewaris in middei te hawwen oer Sint Piter. Fan dat momint ôf wie ik tige nijsgjirrich wat er oer dat feest te fertellen wie. Op sneon 15 febrewaris wie it safier.

Mei û.o. byldmateriaal liet Gerrita ús sjen en hearre dat Sint Piter yn Grou in protte gewicht yn ’e skaal leit.



Oer de oarsprong fan it feest binne der ferskate ferhalen. Dr. J.B. Scheper fertelde yn de 'Leeuwarder Courant' fan 3 april 1905 in âld folksteltsje:

Yn de midsiuwen kaam de heit fan Sinteklaas en Sint Piter to ferstjerren. Klaas wie de âldste en hie de earste rjochten. Hy naam it heft yn hannen. Dit koe Piter min ferneare. Hy socht helpers en focht tsjin syn broer. Mar Piter moast belies jaan. En om't der doe oer lân noch min yn Grou to kommen wie, flechte hy dêrhinne. Om deselde reden fergeat Klaas om nei Grou te gean. De Grousters joegen Piter de skuld, dat Klaas har foarbygie. Dêrom taaste Piter sels yn de bûse en joech temûk jeften oan de lju fan it doarp op 21 febrewaris. Dit wie tagelyk it feest, dat de winter útlette en it foarjier yn helle.

In moai telstje, mar wy witte dat dit ferhaal net wier wêze kin. Beide Sinten komme út ferskillende lannen en skele ek noch sa'n 300 jier yn leeftiid! Der binne ferskillen en oerienkomsten tusken Sinteklaas en Sint Piter. De lêste hat in wite mantel oan en rydt op in swart (Frysk) hynder. Syn staf is read mei wyt yn elkoar draaid. Ek Sint Piter komt oan mei de de stoomboat. Hy hat ien Swarte Pyt by him. Foar sa'n lyts doarp is ien fansels genôch. It wie yn oarsprong in foarjiersfeest foar folwoeksenen, mar yn 1903 makke juf Riek Jansen fan de bewarskoalle der in feest foar bern fan, dat like op Sinteklaas.

Wa't sich nij yn Grou te wenjen set, kriget op in ynformaasjejûn te hearren dat fan elts syn/har meiwurking foar it Sint Piterfeest ferwachte wurdt. Sa'n 100 frijwilligers binnen warber yn dizze dagen. Yn oktober 2018 is it feest byskreaun yn de 'Inventaris Immaterieel Erfgoed Nederland'. It skaaimerke is dat dit erfgoed oerdroegen wurdt fan generaasje op generaasje en fan persoan op persoan. As boppeslach fan de middei wie der Whatsappkontakt mei Sint Piter en Swarte Pyt yn de Sint Pitertsjerke yn Grou, dêr't se residearje at se yn Grou binne.

Der is folle mear oer dit feest te sizzen, mar dan haw ik de helte fan de Kritekoer nedich en dat kin net fansels. Spitich dat er mar sa'n 25 minsken wiene. Wy binne traktearre op echte pipernuten en spekuaskes út Grou. Dêrneist wie der poeiermolke, tee en kofje. Dizze middei nûget, wat my oanbelanget, út om ris nei Grou te gean om de 21^{ste} febrewaris hinne. It is in bysûnder barren!

Trieneke Vos



It bestjoer fan SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar in noflike jûn op 21 maart 2020 mei

HY & SY

muzyk en teater



In moai en gesellich programma mei eigen Fryske teksten
op bekende en nije melodyen.

Jo wurde meinaam yn ferhalen oer nostalgy, feroaringen en kreativiteit.

De artysten binne **Hette** (sjongen), **Greetje** (sjongen), **Bert** (gitaar),
Jan (toetsen), **Jelmer** (basgitaar) en **Sietzeklaas** (drums).

- Datum:** sneon 21 maart 2020
Plak: Noorderlichttsjerke, Bergweg 92B, Seist
Tiid : 20:00 oere
Seal iepen: 19:30 oere
Skoft: ja
Kosten: € 12,50
Frykse taksy: opjaan uterlik tongersdei 19 maart 2020

Dizze jûn ek in ferlotting en ferkeap healsliten boeken!



Algemiene Ledegearkomste Frysk Boun om Utens

Op 28 maart 2020 hâldt it Frysk Boun om Utens har Algemiene Gearkomste yn it Prinsenkwartier yn Delft. It adres is Sint Agathaplein 4, 2611 HR Delft, till. lokaasje: (06) 5764 4891.

In pdf mei alle dokuminten foar de gearkomste, 'It Ambyld', kinne jo fine op de hiemside fan it Boun:

<https://www.fryskbutenfryslan.frl/>



Programma fan de middei

13:00: Ynrin en ûntfangst troch it bestjoer fan de gast-krite De Haach

13:30: Algemiene gearkomste - part 1

14:30: Skoft

15:15: Algemiene gearkomste - part 2

16:00: Sluten Algemiene gearkomste

16:15-17:15: Stêdskuier troch histoarysk Delft

17:30: Ite foar de oerbliuwers yn it Prinsenkwartier

18:30 Jiddyske muzyk en ferhaaltsjes mei Samoosara

20:00: Ein fan it jûnsprogramma

Kosten: It waarme miel yn it Prinsenkwartier kostet € 25,00 de man/frou ynklusyf 2 konsumpsjemunten. Graach by de yntree fan de AG foarôf ôfrekkenje by de ponghâlder fan it FBoU. De kosten fan it programma fan Samoosara fan 18:30 oant 20:00 oere (€10,00) graach sa op 't hantsje....

Oanmelding: Wa't komt, hat it foar 18 maart 2020 opjûn by de skriuwer fan it FBoU: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl.

Ferfier: As jo mei de auto komme, dan riede wy jo oan om yn de Prinsenhofgarage te parkearen; dêr is it measte plak en is it goedkeapst. Adres: Kampveldweg 3, 2611 WM Delft.

De trein is ek gaadlik nei Delft: fan stasjon Delft ôf nei it Prinsenkwartier is it mar 500 meter (acht minuten) rinnen, of ien halte mei tramline 1 (twa minuten).



Ta oantinken oan Annie Russchen-Nolles

Annie is berne op 14 febrewaris 1932 yn Tzummarum en ferstoarn op 3 febrewaris 2020 yn Bosch en Duin.

Doe't Annie har âlden yn 1947 nei Utert kamen, is Annie lid wurden fan de Fryske Jongerein yn Utert en moete dêr Sake Russchen.

Se binne troud yn 1953. Sake wurke op in skoalle en Annie die de administraasje, dêrneist wie hja enketeur fan Mars en reizge troch it hiele lân. Dat wie har nocht en libben.

Tegearre hawwe se in protte reizge oer de wrâld. Ek hawwe se jierrenlang op in camping stien yn Havelte. Wy kinne Sake fan syn moaie stikjes yn 'e Kritekoer. Doe't hy ferstoar yn 2015, wie dat foar Annie in grut gemis. Sy wennen doe al yn Bosch en Duin. De lêste jierren kaam Annie ek nei Seist foar de toanielstikken. Se waard troch leden ophelle en wer thúsbrocht. De sûnens gie efterút, troch in fal is se hastich opnaam yn fersoargingshûs De Wijngaard. Se hat dêr mar koart west. Op 3 febrewaris is se ferstoarn.

Op sneon 8 febrewaris koe der by Annie thús ôfskied nommen wurde en út namme fan de krite hat Trieneke dêr hinne west. Op moandei 10 febrewaris wie de kremaasjeplechtichheid yn Amersfoart en wienen Pietie en ik oanwêzich. As ôfskie hie Annie frege om mei inoar it Frysk folksliet te sjongen. Sa waard der steande ôfskied fan har nommen.

Annie, rêst yn frede en de famylje dy't efter bliuwt, winskje ik krêft.

Boukje Andringa-Brattinga





BESTJOER & MEIWURKERS

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra
til. (030) 2318 224, mail: pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer & redaksje Kritekoer:
Jan Piet Bergmans
til. (0347) 320 093, mail: j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder & lede-administraasje:
Jan Roelants
til. (030) 2010 118, mail: jhw.roelants@online.nl

Bestjoerslid: Harke Hofman
til. (0347) 377 703, mail: harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid & 2^e skriuwer:
Gerrita Otten-Onrust
til. (030) 2625 897, mail: g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Nieske Schurer
til. (030) 2251 447, mail: nschurer@casema.nl

Bestjoerslid: Trieneke Vos
til. (030) 6916 081, mail: tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken Utert: Frou J. Wielinga
til. (030) 2617 816

Sosjale kommisje Seist: Trieneke Vos (sjoch hjirboppe) &
Boukje Andringa-Brattinga
til. (0346) 216 240, mail: boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer: Pietie Westdijk en Harke Hofman

Bank Mei Inoar Ien: NL05 INGB 00 00 194027, o.n.f. Selskip Fryslân

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!
Slutingsdatum kopij:
woansdei 2 septimber 2020